FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan bestjoer fan de
Feriening *Prot. Chr. Basisonderwijs (PCBO)*
en de direksje fan kbs *'t Foarhûs*
Postbus 66
9200 AB DRACHTEN

Underwerp: Us brief fan 18 desimber 2006

Drachten, 12-03-2007

Achte bestjoer en direksje,

Op 18 desimber 2006 hawwe wy jimme in brief takomme litten oer de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op - yn alle gefallen - ien fan jimme skoallen, *'t Foarhûs.* Wy hawwe dêr ús grutte soargen oer útsprutsen. Wy hawwe yn ús brief ek wiisd op de regeljouwing en it toetsingsramt oangeande it Frysk.

Oant no ta - hast trije moanne letter - hawwe wy fan jimme noch gjin reaksje krige. It kin fansels wêze dat jimme ûnderwilens mei faasje en foarsje út ein set binne mei in ferbetteringsplan foar *'t Foarhûs* en oare skoallen en dat it der troch de drokten dêrmei by bleaun is ús dêrfan op 'e hichte te stellen.

Ut soarte soene wy graach fan jimme hearre wat de stân fan saken is. De saak is der wichtigernôch foar. Meie wy ynkoarten op in skriftlike reaksje rekkenje?

Mei achtinge,

drs. T. Dykstra, foarsitter *FFU*
drs. S.T. Hiemstra, skriuwer *FFU*